

**E-mail DFS:** [skriuwer@friesdammen.nl](mailto:skriuwer@friesdammen.nl)  
**Ynternet:** [www.friesdammen.nl](http://www.friesdammen.nl)  
**Webmaster:** Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake  
Kooistra [st.kooistra@hotmail.com](mailto:st.kooistra@hotmail.com)

**Damklups:**

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,  
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517  
[groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)
  
- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,  
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011  
[jantsje.leo@kpnmail.nl](mailto:jantsje.leo@kpnmail.nl)
  
- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,  
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704  
[shattema@hotmail.com](mailto:shattema@hotmail.com)
  
- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,  
9074 MC Hallum, 0518 - 431003  
[harmenvandermeer@hotmail.com](mailto:harmenvandermeer@hotmail.com)
  
- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,  
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747  
[damkluphartwert@live.nl](mailto:damkluphartwert@live.nl)
  
- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,  
8823 SX Lollum, 0517 - 469245  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl)
  
- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,  
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992  
[siebrendyk@gmail.com](mailto:siebrendyk@gmail.com)
  
- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrj.20,  
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782  
[baukebos@home.nl](mailto:baukebos@home.nl)

**Freoneklup:**

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup. It ledejild is € 15,- Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

# ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

38 ste jiergong

nûmer 2

febrewaris 2017

## **Einredaksje:**

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp  
Till. 0515 – 42 45 17 mail: [groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)

**Lêzersjild:** fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.  
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

## **Betelling en administraasje:**

Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21, 8734 GD Easterein  
*IBAN* NL40RABO 034.95.02.072  
ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

## **Bestjoer:**

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) 0517-469245
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14, 9023 AB Jorwert.  
[siebrendyk@gmail.com](mailto:siebrendyk@gmail.com) 058-2519992
- Ponghâlder: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,  
8734 GD Easterein, [wiersmafedde@gmail.com](mailto:wiersmafedde@gmail.com) 0515-332401
- Ferskate kommisjes

## **OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER**

## FANÚT IT HAADBESTJOER

Liuwe Westra skreau yndachtich de WK-match it folgjende oan ferskate media yn it lân.

### *Fris en flitsend dammen*

De tweekamp tussen Jan Groenendijk en Roel Boomstra krijgt veel




bekijks. En terecht. Het dammen is een schitterende denksport, die een prominent podium meer dan verdient. Het spel is, zoals het hoort, eenvoudig te leren en moeilijk te winnen, en is nog altijd niet door computers gekraakt. En

zelfs al zou dat een keer wel gebeuren, dan blijft een tweekamp tussen twee toppers een adembenemend duel.

Toch zit er aan deze tweekamp een aantal aspecten, die op één of andere manier hardnekkig in de schaduw blijven. In dit stuk wil ik proberen juist deze, volgens mij voor de damsport belangrijke, zaken óók iets meer in de spotlights te plaatsen.

### *internationaal??*

Laat ik beginnen met de veelgehoorde kreet dat Harm Wiersma nu eindelijk een opvolger zou krijgen. Dat is natuurlijk onzin. Wiersma verloor zijn wereldtitel in 1984 aan Anatoli Gantvarg, en Gantvarg is dus de opvolger van Wiersma. Dat is inmiddels meer dan 30 jaar geleden.



Iets anders is, dat het nu zeker lijkt dat er opnieuw een wereldkampioen internationaal dammen aan komt met de Nederlandse nationaliteit. Die wordt echter niet de opvolger van Wiersma, maar van Alexander Georgiev. Natuurlijk zullen velen het geweldig vinden dat de nieuwe wereldkampioen Nederlander is. Er zijn tenslotte een kleine 200 soevereine staten, dus de kans op een wereldkampioen met hetzelfde paspoort als u en ik is dan niet zo groot.

Maar is dat zo? Wie de lijst van wereldkampioenen internationaal dammen doorneemt, ontdekt al snel dat het iets anders ligt. De eerste 70 jaar van het officieel geregistreerde wereldkampioenschap zijn de wereldkampioenen meestal Fransen en soms Nederlanders. Pas in



1956 wordt een Canadees met een Franse naam wereldkampioen, waarna direct de Russen het overnemen. Pas in 1972 lukt het de Nederlander Ton Sijbrands de Russische hegemonie te doorbreken, en daarna is het wereldkampioenschap

praktisch een Russisch-Nederlands onderonsje.

Wat is er aan de hand? Het zogenaamde internationale dammen kent in feite slechts drie geografische concentraties: Nederland, Rusland (of de vroegere Sowjet-Unie) en het vroegere Frans-Afrika. Buiten deze gebieden om wordt het internationale dammen slechts door enkelingen beoefend. In verreweg de meeste gebieden waar er wordt gedamd (Europa en Noord- en Zuid-Amerika) damt men op 64 velden (dus op een schaakbord), en dan ook nog volgens allemaal verschillende 'nationale' regels: Spaans, Italiaans, Tsjechisch, Engels, Amerikaans, Braziliaans, Turks, om de belangrijkste te noemen. Ook in Rusland damt 99% van de spelers op een schaakbord - het dammen op het 'grote bord' wordt daar in verhouding slechts door een handjevol mensen beoefend.

Het 'grote bord' van 100 velden, dat wij een dambord noemen maar dat dus in de meeste speelgoedwinkels ter wereld niet eens te koop is, is een uitvinding die ergens in de Lage Landen moet zijn gedaan tussen 1500 en 1600. Het oudste bewaarde dambord van 100 velden stamt uit 1696 en bevindt zich in het Westfries Museum te Hoorn. Op zeker moment werd dit 'grote bord' ook geïntroduceerd in Parijs



(waarschijnlijk tussen 1720 en 1730), en toen ging Frankrijk voor een groot deel 'om'. De Fransen namen het grote bord mee naar hun koloniën in Afrika. En de Russen hebben het dammen op het

'grote bord' in de 20ste eeuw geadopteerd om de wereld te laten zien dat het Sowjet-systeem in principe in iedere sport kampioenen kon kweken. Inmiddels is het dammen in Frankrijk zo goed als uitgestorven, en zo blijven er dus drie centra van 'internationaal' dammen over. Maar dat internationale is dus maar betrekkelijk.

### *de ontbrekende kampioen*

Er zijn dus veel meer Nederlanders die internationaal dammen dan Russen, dus wat dat betreft werd het tijd dat het kampioenschap deze kant weer eens uit kwam. Toch zou een Nederlandse wereldkampioen allerminst een zekere zaak zijn, als regerend wereldkampioen Alexander Georgiev zich niet had teruggetrokken. Vanwaar deze opmerkelijke stap?

Georgiev heeft hierover zelf openheid van zaken gegeven tijdens een interview met het Friesch Dagblad in maart 2016. Ik citeer: "Geen uitdaging meer in internationaal dammen, wel in Fries dammen."

Inderdaad: regerend wereldkampioen 'internationaal dammen' heeft zich de afgelopen jaren op een nieuwe variant gestort: het Friese dammen. Wat is Fries dammen precies, en wat vindt Georgiev er zo aantrekkelijk aan?

Om voor zover mogelijk de schijn van chauvinisme te vermijden: 'Fries dammen' is eigenlijk helemaal niet zo Fries. De naam 'Fries dammen' is ook niet door Friezen bedacht, maar door Hollanders, en dat ook nog maar relatief kort geleden. Het geval wil namelijk, dat er naast de

tientallen varianten van het damspel op het 'kleine bord' van 64 velden ook twee varianten op het 'grote bord' van 100 velden bestaan. Deze twee varianten staan nu bekend als 'internationaal' en 'Fries'. Maar die benamingen zijn nog maar jong, en dekken de lading niet.

Het eigene van het 'Friese' dammen is dat men niet alleen diagonaal slaat, maar ook rechtuit en overdwars, dus horizontaal en verticaal. Men kan dus in twee slagen (bijna) aan de andere kant van het bord zijn. Waarschijnlijk is het 'Friese' dammen ouder dan het 'internationale' spel, en is het de oorspronkelijke variant die hoort bij het 'grote' bord.

Het moet zich met het 'grote' bord hebben verspreid over Europa, en was in de 18de en 19de eeuw onder verschillende benamingen bekend in Holland, Engeland, Duitsland, Frankrijk en Scandinavië.

Toen het in Parijs aankwam, stootte het op het oude Franse damspel, dat met uitsluitend diagonale slagen op het 'kleine' bord werd beoefend. Uit deze ontmoeting is na een tijd van



experimenteren het 'internationale' spel ontstaan: men hield het 'grote' bord, maar koos ervoor te stoppen met de rechte slag. Nog tenminste twee eeuwen daarna werd er in Holland op twee manieren gedamd: met alleen de schuine slag, of op de 'Friese' manier met rechte en schuine slagen. Pas toen deze manier van spelen in Holland was uitgestorven, begon men dit spel, dat in Fryslân nog wel werd en wordt beoefend, 'Fries dammen' te noemen.

Het aantrekkelijke van dit 'Friese' dammen is de smalle remisemarge. Een voordeel van één schijf is meestal genoeg voor winst; twee dammen tegen één staat gelijk aan een overwinning. In het 'internationale' dammen is een voordeel van twee schijven, zoals bekend, nog altijd niet genoeg voor de winst, en is het eindspel van drie dammen tegen één in principe remise.

Dit is ook al eeuwen bekend. Rond 1780 schreef de Franse dammer Manoury reeds: Deze vorm van dammen is in essentie een remiseport. Ook anderen lieten zich in deze trant uit, waaronder de



eerste Nederlandse wereldkampioen Herman Hoogland. Hij was ook de eerste, die de internationale damwereld wees op het voordeel van het 'Friese' dammen. Het past geheel en al in deze lijn, dat zittend wereldkampioen Georgiev geen uitdaging meer ziet in het 'internationale' dammen. Een wedstrijdport vraagt

om een winnaar en een verliezer. Als men bij het schaatsen een voorsprong van 3 meter zou moeten hebben bij de finish om zich winnaar te mogen noemen, en één van 2 meter tot de uitslag 'remise' zou leiden, zou Thialf de deuren wel kunnen sluiten.

### *fris, Fries en flitsend dammen*

Het Friese dammen is wereldwijd gezien een kleine sport, maar het heeft grote potentie als wedstrijdport. Dat bewijst de keuze van Alexander Georgiev, die zich waarschijnlijk nu al weer aan het voorbereiden is op het toernooi Fryslân Open 2017 te Franeker. Ik vind dat de organisatoren van de tweekamp Boomstra - Groenendijk op dit moment een topprestatie leveren. Ze doen er alles aan de krachtmeting niet te laten verzanden in een remisegebeuren. Ook de twee kandidaten zelf zijn zich terdege van dat gevaar bewust, en passen hun speelstijl daarbij aan. Commentator Auke Scholma toont op sublieme wijze de diepgang van het spel. Maar al deze dammers kunnen er samen niets aan veranderen, dat het 'internationale' dammen een veel te grote remise marge bezit. Dat is ook niemand aan te rekenen. Het is allemaal het gevolg van het feit dat men



in 1730 in Parijs heeft besloten, op het nieuwe 'grote' bord te dammen met alleen de ouderwetse schuine slag, die eigenlijk op het 'kleine' bord thuishoort.

Maar het kan dus anders. Dat bewijst niet alleen de keuze van Georgiev, maar ook het succes van enkele recente Friese initiatieven op damgebied. Zo stelt zich het provinciale initiatief *Fryske Sport yn dyn klasse* ten doel, alle Friese basisschoolleerlingen minimaal één keer de verschillende typisch Friese sporten te laten beoefenen. Overal in de provincie worden nu clinics gegeven, waar de kinderen onveranderlijk enthousiast vandaan komen. Zelf heb ik aan een tiental van deze clinics mee mogen werken, en ik heb nog nooit een kind het oordeel 'saai' over het dammen horen vellen.

Maar u kunt het ook zelf proberen. Het Dambûn Frysk Spul heeft samen met de provincie een tweetal apps laten ontwikkelen, die het ieder die in het bezit is van smartphone of tablet mogelijk maken het 'Friese' dammen te leren kennen. Dammen op deze apps is 'zelflerend'. Men kan spelen tegen de app, of op het scherm met een tegenstander in dezelfde ruimte, of online. Er zijn twee varianten: 'Fries dammen' en 'FRYSK'. De laatste variant laat u spelen met slechts vijf tegen vijf schijven. In het 'internationale' spel is dit potremise, in het 'Friese' spel nog steeds een strijd op het scherpst van de snede. Beide apps zijn gratis.

Willen we daarmee het 'internationale' dammen verdringen? Allerm minst. Het 'internationale' dammen is een subtiel spel met grote diepgang, dat het verdient beoefend te blijven worden. Voor problemisten is het een eldorado. Maar als wedstrijd sport heeft het een handicap, die het 'Friese' dammen niet heeft. Ik gun het Alexander Georgiev, Roel Boomstra en Jan Groenendijk alle drie dat ze nog eens een match mogen spelen om de wereldtitel 'Fries' dammen.

Dat moment is misschien dichterbij dan we denken. Wie het filmpje van Telesport op de link <http://wqd.nl/DZPt> bekijkt, ziet precies op 1 minuut en 20 seconden dat er een Friese slag wordt uitgevoerd. Inderdaad, zelfs op het wereldkampioenschap internationaal dammen wordt er Fries gespeeld. Een teken aan de wand?



## WEDSTRIIDLIST DAMBÛN FRYSK SPUL

Opjaan jongerein by [liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) as 0517-469245  
 Opjaan âldereinpartij by Piet Sikma 0515-569561 (dei yn it foar)  
 Opjaan FRYSK en [martenwalinga@hotmail.com](mailto:martenwalinga@hotmail.com) of 06-34561133  
**Z** telt mei foar Zilwo-beker

sneon 4/2	1e en 2e rûnte PK	De Gaastmar, 10.00 oere	
tiisdei 7/2	3e rûnte PK	Jorwert 19.30 oere	
sneon 11/2	4e en 5e rûnte PK	Blauhús 10.00 oere	
sneon 18 febrewaris	Finale PK ek froulju, 14.00 oere jeugd en pupillen	.....? 10 oere Opjefte froulju <a href="mailto:wiersmafedde@gmail.com">wiersmafedde@gmail.com</a>	<b>Z</b>
28/2 – 3/3	Fryslân Open	Frjentsjer (klippers) <a href="http://www.frisiandraughts.com">www.frisiandraughts.com</a>	
3/3 en 4/3	Grutmastertoernoai	Frjentsjer (stedhûs)	
4 maart	KwalifikaasjeFRYSK	Frjentsjer, De Koornbeurs	
5 maart	Wrâldkamp. FRYSK!	Frjentsjer (stedhûs)	
freed 10 maart	Fluchdamkamp. Switsersk systeem	Hartwert, Terphûs 19.15 oere	<b>Z</b>
28 maart	Blauhús, âlderein	It Teatskehûs, 13.30 oere	
freed 7 april	Blauhús, finale Fryslân Kup. en toernooi FRYSK 06-22684264	SieSa, 19.00 oere.Opjefte FRYSK 6/4 19.00-21.00 <a href="mailto:b.h.kroon@hotmail.com">b.h.kroon@hotmail.com</a>	

## FOLKERT GROENVELD WINT LITTENSERADIELPARTIJ

(Siebren Dijk)

Hy stie noch net yn 'e wandelbeker fan 'e Littenseradielpartij, Folkert Groenveld, en dus wie syn oerwinning op tiisdei 8 novimber dochs wol in ferrassing. De grutste klapper makke Groenveld yn 'e tredde omloop, doe't er Jelle Wiersma fersloech, de kampioen fan 2015. In wike earder hied er, mei it flachje letterlik op fallen, al de sterke Foeke Tiemensma ferslein. Fierdere oerwinnings op Sjoerd Couperus en Cor Kooistra makken dat de Jutriper de folle fjouwer punten ynhelle.

Jelle Wiersma besette úteinliks mei ien punt minder it twadde plak. Foar it tredde plak wiene, elkmis mei 2 punten, noch trije kandidaten. Foeke Tiemensma en Sjoerd Couperus hiene in likens SB, mar omdat Foeke

in winstpartij mear hie, mocht dy de sprekwaardlike brúnzen medalje yn ûntfangst nimme. Wedstriidlieder Willem Dykstra syn SB wie krekt wat leger as dy mannen, dat dy waard fiifde. Dêr sil er net ûntefreden mei wêze, want hy ferskynt mar selden mear efter in damboerd, al wurdt wol grute dat Dykstra him manifestearret as meispiler by de nijste damapp. Faaks dat dat holpen hat?

Yn 'e twadde groep sieten twa spilers dy't net lid binne fan it pleatslike OKK. Klaas Wiersma en benammen Douwe Namminga diene it lang net gek, mar se koene net behinderje dat Rinze Schukken mei de heechste priis útnaaide. Allinne oan Namminga moast de Hilaarder in remize tastean.

De tredde groep krige in opmerklike winner yn 'e persoan fan Frans Kingma. De Jirnsumer kroechbaas damme yn syn jeugd net ûnfertsjinstlik, en hy is der noch altyd grutsk op dat er ea Hiele Walinga ferslein hat. Nei lange jierren fan damûnthâlding hat er dit jier it skowen wer oppakt, en dat giet dus lang net ûnfertsjinstlik. Yn dizze groep sieten ek mar leafst trije Dykstra's, allegearre famylje fan Willem, en ek alle trije nije leden fan OKK. Broer Jelte kaam ek op trije punten út, mar hy hie in leger SB as Kingma.

De Littenseradielpartij is tsjintwurdich in iepen kampioenskip. It bestiet al sûnt 1984, en dêrfoar wie der al de Baarderadielpartij. De earste kears wie yn 1942, en de doetiidske winner wie Folkert van der Werff. Folkert flikte soks 55 jier letter noch ris in kear. Yn 2018 wankt in nije gemeentlike weryndieling, mar by OKK is men der noch net oer út wat de nije namme wurde moat. "Ljouwertpartij" bekket yndied net sa lekker

Einstân fan de heechste groep, mei tusken heakjes it SB: 1. Folkert Groenveld, Jutryp 4; 2. Jelle Wiersma, Wommels 3; Foeke Tiemensma, Frjentsjer 2 (7); 4. Sjoerd Couperus, Snits 2 (7); 5. Willem Dykstra, Jorwert 2 (3); Cor Kooistra, Nijlân 1,5; 7. Tsjerk Wijbinga, Arum 1; Bauke Dykstra, De Tynje 0,5.

Twadde groep: 1. Rinze Schukken, Hilaard 3,5; Klaas Wiersma, Nijbeets 3; 3. Douwe Namminga, Winsum 2; 4. Siebren Dyk, Jorwert 1,5; 5. Fokke Looijenga, Weidum 1; 6. Bonne Hylkema, Jorwert 1.

Tredde groep: Frans Kingma, Jorwert 3 (9); Jelte Dykstra, Jorwert 3 (5); 3. Gertjan van Kamp, Jorwert 2 (6); Hesssel Jan Dykstra, Jirnsum 2 (4); Emke Dykstra, Jorwert 1; Mathieu van den Boogaard, Jorwert, 1.

## **SKEARNEGOUTUM IS MINIKAMPIOENSKIP KWYT**

(Siebren Dijk)

De mini-fluchdamklupkampioenskippen, op freedtejûn 25 novimber holden op 'e boppeseal fan kafee "Het Wapen van Baarderadeel" yn Jorwert, krige in nije winner. It wie Aldegea dat mei de heechste eare wer nei hûs ta gong, en net Skearnegoutum, dat de lêste jierren wat fan in abonnemint op dizze trofee hie.

No hienen de Stadige Strikers dat ek wol wat oan harsels te witen. It slagge har net iens om in folsleine ploech ôf te furdigjen, en dêr binne oars by it minikampioenskip mar fjouwer spilers foar nedich. Sa krigen de Skearnegoutumers troch de need twongen fersterking fan de Jorwerter Bonne Hylkema, al sil dat yn 'e praktyk earder in ferswakking west ha. Boppedat hiene de Strikers mei Ype Boelens, Bauke Dijkstra en Bauke Bos mooglik ek net har aldergrutste kanonnen yn 'e striid brocht. Yn dat ljocht is it dan ek noch in hiele prestaasje dat se úteinliks op it twadde plak einigen.



Earste waard no Aldegea. In deeglike ploech mei Folkert Groenveld, Willem Hoekstra, Jouke Wijnja en Folkert Attema. De mannen moasten ien kampspul tastean, opmerklik genôch tsjin in ploech fan 'e twadde klasse. Dat Jorwert I hjir oan in heal punt kaam sil der oars foaral yn

gelegen west ha dat Jouke Wijnja troch it flachje gie. Tredde yn 'e kampioensklasse waard Hartwert. Se hellen wol likefolle wedstriidpunten as de Skearnegoutumers, mar lieten it yn 'e buordpunten krekt sitte. It promovearre Blauhús hie it op dit nivo dreech. De mannen waarden úteinliks fjirde.

De B-klasse wie dit jier foar Lollum. Dat wie fertsjinne, want de wedstriden tsjin in A-klasser wie yn beide gefallen kamp. Lollum wie fansels yn 'e breedte ek sterk, mei Foeke Tiemensma, Sjouke Schilstra,

Hylke Algra en Liuwe Westra. De beide Jorwerter ploegen einigen alsa ûnderoan, ek al hie Jorwert I oan 'e ein mar in heal wedstriidpuntsje minder as Lollum.

It earne Jorwert II kaam net fierder as nul punten. Dat waard yn ien klap ek in foech famyljedrama. Yn dy ploech sieten nammentlik allinne mar Dykstra's. Jelte, Hessel-Jan en Emke binne dit jier min of mear nij op 'e klup, en Willem koe dat neidiel allinnich net oerhelje. Mar ja, Jelte wûn al fan Willem Hoekstra, en Hessel-Jan lei Hylke Algra om, dat it wie alles meiinoar ek wer net sa slim dat de jierdeis yn 'e famylje no tenei alhiel mijd wurde moatte.

It wie wat spitich dat it oantal fan sân ploegen wat minder wie as dat de lêste jierren wenst wie. Boppedat soarge dat ûneven oantal der foar dat ien ploech hieltyd wat ekstra tiid foar de kofje hie. Mar fierders siet de stemming der op 'e boppeseal wer goed yn, wat ek wol bliken die oan it feit dat frijwat dammers noch lang neisieten.

Einstannen kampioensklasse (mei tusken heakjes de buordpunten):  
Aldegea 4,5 (14,5); Skearnegoutum 3 (12); Hartwert 3 (10,5); Blauhús 2 (10). B-klasse: Lollum 2,5 (9); Jorwert I 2 (9); Jorwert II 0 (3).

## **DAMJÛN TE LOLLUM OP 4 DESIMBER**

De 14 dammers makken der in moai damjûn fan mei as útslach

*Eareklasse* 1: Foeke Tiemensma 3 pt.; 2: Jelle Wiersma 2 pt.;

3: Marten Walinga 1 pt.; 4: Folkert Groenveld 0 pt.

*Haadklasse Groep 1* 1: Gerrit Schilstra 1½ pt.; 2/3: Bouke Dijkstra en Liuwe Westra 1 pt.

*Haadklasse Groep 2* 1: Sjoerd Couperus 3 pt.; 2: Sjouke Schilstra 1½ pt.; 3: Hylke Algra 1 pt.

*1<sup>o</sup> Klasse* 1: Piet Sikma 3 pt.; 2: Siebren Dyk 2 pt.

3: Gert Jan van der Kamp 1 pt. 4: Klaas Koopmans 0 pt.

## DAMBUORDEN YN SOARTEN EN MATEN



Yn it 'Fries Scheepvaart Museum' te Snits hinget yn hiel âld damboerd mei ferdjippe fjilden. Dat is nei alle gedachten brûkt op in skip. Dat de houtsjes moai te plak bliuwe. Yn it 'helpmiddelen-centrum' ek yn Snits, dan hienen wy it oer it griene krús, kaam ik dit boerd tsjin. Ek al mei ferdjippe fjilden....

## DE NIJE APP 'FRIES DAMMEN'

It is wol dúdlik dat de nije app 'fries dammen' in trochslaand súkses is. Noch mear as op de oare app 'FRYSK', wurdt der omraak spile. Prachtige spullen faaks mei aventoerlike iepeningen en fuortsettingen. Der wurdt ek spekulearre oer wa't no efter sommige nammen skûl giet? Wa is 'blinder' en benammen wa is no 'telleke'?

Fan Herbert Tulleken, yn koarte tiid wer hielendal ferslingere rekke oan it Frysk damjen, kaam dizze ôfbylding.

Súkses seit 'telleke'tsjin Herbert. Mei in skrapke op de u. Soks is dochs Frysk, is it net? Mar de groetnis út Senegal, út West-Afrika wei?

It riedsel wurdt grutter, as hat dizze 'telleke' ús te fiter?



## FRYSLÂN KUP, DE TWADDE EN TREDDE OMLOOP



Michiel Zeinstra en Jappie de Jong hawwe te Jorwert lotte foar de twadde omloop.

Alle trije Blauhústers in thús wedstriid en Bernard Kroon troch nei in spektakelstik tsjin Siebe Walinga. En Jelle Wiersma tsjin Tjerk Wijbinga wie ek knikker op 'e kant mei earst kamp en doe yn de barraazje Tjerk dy't troch de klok gie.

Gertjan van Kamp – Folkert Groenveld 0 – 1  
Cor Kooistra – Klaas Wiersma 1 – 0  
Bernard Kroon – Siebe Walinga 1 – 0  
Willem Schaap – Taeke Kooistra 0 – 1  
Jelle Wiersma – Tjerk Wijbinga 1 – 0  
Michiel Zeinstra – Pieter Hoogterp 0 – 1  
Epke Bootsma - Fedde Wiersma 0 – 1  
Hein de Vries – Bauke Dijkstra 1 – 0



De lotting brocht de kreaker en finale fan ferline jier, tredde omloop

Taeke Kooistra – Jelle Wiersma 0 - 1  
Folkert Groenveld – Cor Kooistra 1 - 0  
Pieter Hoogterp – Bernard Kroon 1 - 0  
Hein de Vries – Fedde Wiersma 0 - 1  
Taeke en Jelle spilen kamp en dan is it 'FRYSK' mei koarte tinktiid. Nei fiif (!) omlopen moast Taeke belies jaan.

Lotting heale finales


Folkert Groenveld - Fedde Wiersma

Jelle Wiersma - Pieter Hoogterp

## STANDSJES OP DE APP


(Jelle Wiersma)

Jim kinne grappige, niisgjirrige en moaie standsjes maile nei [jellewiersma@kpnplanet.nl](mailto:jellewiersma@kpnplanet.nl) . Graach efkes de lêste set fermelde en wat jim gedachten der by wiene en misskien wurdt jim stân de folgjende kear hjir besprutsen. Ik begjin mei in niisgjirrich einspul tusken Henk Haanstra en Cor Kooistra.




Cor strykt daam op 49 en Henk strykt daam op 2 en tinkt dat hy wint omdat hy mei skiif 15 earder de 2<sup>e</sup> daam hellet. It rûn oars.  
**1. ...43-49 2.8-2 49x46 3.2x5 26-31 4.15-10** Dit hie Henk út tocht en rekkene derop te winnen nei 4. .... 31-37 5. 10-4 en swart hat gjin goeie set mear. Mar der folge **4. ...46-28! 5.10-4 28-6 6.4x36 6x46 út!**

Willem Hoekstra tsjin Folkert Attema




Willem wie te hastich mei de efterstreek **26-21!** Folkert antwurde mei **20-25, 21x1, 4-9. 1x34, 30x39**

Folkert Groenveld tsjin Beke Haanstra (net op de app)



Beke hat krekt **40. ...16-21** spile.  
Wyt mei net 41.43-38 om 28-33 en  
27-32. Der folge **41.42-38 28-32**  
En no oppasse foar 42.48-42? 21-  
26! etc. dus **42.24-19 10-15 43.49-  
44** (earst 49-44 hie better west).  
No kin swart noch wat dwaan.  
Beke die 43. ...6-11 en ferlear. Nei  
43. ...32-27 44.38x36 21-26  
45.36x16 6x26 46.44-40 15-20  
47.40-35 20x18 48.35-30 stiet it sa




en kin wyt dit winne?  
Nee, dit wurd kamp fia 26-31, 43-  
38 wat oars ? 18-23, 30-25, 23-28,  
38\*18, 8\*28, 25-20, 31-37 !, 20-14,  
14-10, 37-41, 46\*37, 32\*41 en  
kamp.



Dicky van der Meer tsjin Willem Schaap, de partij ferrûn sa.

**1.31-26 20-25 2. 37-31 14-20 3. 32-27 17x37 4. 41x32 11-17 5. 47-41 19-24 6. 34x14 10x19 7. 35-30 25x34 8. 39x10 5x14** Dicky slacht de hoeke der út. Hy wol net mei yn it rúnspul wêr't Willem wol fan hâldt.  
**9. 44-39 14-20 10. 40-35 19-24**, in 'gewaagde' set fan Willem. **11. 32-27 17x37 12. 41x32 7-11 ?** Dicky kin no in skiif winne. 35-30, 20\*40 (24\*35 is net goed), 50\*17, 12\*41, 46\*37 of 36\*47 **13. 39-34 24x44 14. 50x39 11-17 15. 33-28 18-23 16. 28x19 20x18** (13\*24 kin net troch 32-27, 17\*37, 38-32, 37\*28, 39-33, 28\*39, 43\*5) **17. 39-34 15-20 18. 34-30 20x40 19. 35x44 9-14 20. 44-40 14-20 21. 40-35 2-7 22. 43-39 18-22 23. 38-33 7-11 24. 33-29 1-7 25. 39-34 13-19 26. 29x9 8x10**



De stân is dan sa.

Dicky kin no in daam helje fia

**27. 42-37 22x42 28. 48-43 42x24**

**29. 35-30 24x35 30. 45x5**

en Willem jout it op. 12-18 is

misskien noch in opsje mar nei 26-21, 16\*47, 48\*46 hat Willem ek net folle mear te fertellen.

Jelle Wiersma tsjin Siebe Walinga,

Jelle helle in daam fia **1.15-10**

**4x15 2.36-31 27\*36 3.46\*26**

**16\*36 4.47-41 36\*47 5.44-39**

**46\*35 6.45\*5**

Mei fiif skiiven tsjin ien daam soest

sizze dat swart dit winne moat mar

der stean daalk in oantal skiiven

op slach. **6. ...4-9** is eins


ferplichte. **7.5\*37** en no ? Swart

hat gjin goede set. **7. ...7-11** liket

noch wat om der in slach yn te

hâlden, mar nei **8.37-26 8-13**

**9.26-3** sil wyt it winne



## IZAÄK HOGERHUIS (1889-1952)

(Jacob Lautenbach)

Izaäk werd op 22 juli 1889 te Menaldum geboren als tweede zoon van Lume Jans Hogerhuis en Akke Kuperus. Vader Lume was daar gardenier totdat hij, gedwongen door de landbouwcrisis, ging werken als arbeider.

In het gezin van Lume en Akke werden in totaal zeven kinderen geboren, zes jongens en een meisje. Vier van hen overleden op jonge leeftijd. Volwassen werden de oudste zoon Jan (geboren in 1888) en de jongste zoon Sije, geboren in 1894).

Drie jaar nadat deze laatste was geboren, overleed vader Lume.

Moeder Akke bleef achter met drie zoons. Alle drie deze jongens bleven ongehuwd.

De oudste broer, Jan, leefde een ongeregeld even. Hij had zeker sinds 1918 geen vaste woonplaats, zwierf voortdurend rond en werd geregeld opgepakt omdat hij zich schuldig maakte aan landloperij. De eerste veroordeling wegens landloperij dateert van juli 1918. De jaren daarop wordt Jan steeds opnieuw veroordeeld tot de Rijkswerkinrichting in Veenhuizen. Opvallend daarbij is dat Jan vrijwel altijd in de herfst van

het jaar wordt opgepakt. Zoals vaker voorkwam zal Jan op deze manier hebben gezorgd voor onderdak tijdens de wintermaanden.

Als zijn broer Izaäk in 1952 overlijdt, is Jan nog in leven (afgaande op de tekst van de overlijdensadvertentie voor Izaäk die broer Sije heeft geplaatst ('**onze** broer'), Jan is dan 64 jaar oud. Zijn overlijden heb ik niet kunnen vinden.

De jongste broer, Sije, verliet het ouderlijk huis al toen hij nog maar tien jaar oud was. Na een korte tijd in Leeuwarden was Sije zijn verdere leven werkzaam als boerenknecht bij een hele serie boeren. In mei 1929 gaat Sije inwonen bij zijn moeder die dan van

Menaldum naar Jorwerd verhuist.

In het archief trof ik verder aan:



Sije plaatst een advertentie bij de 92<sup>e</sup> verjaardag van zijn moeder (L.C. 15-5-1948). Twee artikelen met foto bij onthulling naam Sije Hogerhuisstrjitte (L.C. 17-11-1980).

Langs deze weg betuig ik mijn hartelijke dank aan Ds. Veldkamp en A. Terpstra en echtgenote te Schingen voor de hulp en bijstand, bewezen tijdens de ziekte en na het overlijden van onze broeder

**Izaak Hogerhuis**

Verder aan allen die hem naar zijn laatste rustplaats vergezelden.

Jorwerd, Februari 1952  
S. Hogerhuis

Sinterklaasartikel met foto van Sije (L.C. 6-12-1980).

Deelnemer aan damwedstrijd in Hartwerd (87 jaar) (L.C. 5-1-1981).

Bedankadvertentie bij zijn 90<sup>e</sup> verjaardag (L.C. 13-9-1984)

Deelnemer damwedstrijd als 92-jarige (L.C. 3-12-1986)

In 1990 eindigt Sije als tweede in

de seizoenrubriek Frysk dammen van de Leeuwarder Courant (L.C. 21-4-1990), Sije is dan 95 jaar oud.

Na de dood van zijn moeder in 1948 blijft Sije in Jorwerd wonen. Waarschijnlijk woont hij de laatste periode van zijn leven in het bejaardencentrum in Weidum, daar overlijdt hij namelijk in april 1996 in Weidum, 101 jaar oud. Sije wordt begraven in Jorwerd.

**OPROEPING**

Ieder, die iets te vorderen heeft van, verschuldigd is aan of borgtochten onder zijn berusting heeft, getekend door wijlen

**IZAAK HOGERHUIS,**  
gewoond hebbende te Schingen 3 en overleden te Leeuwarden op 25 Januari 1952, wordt verzocht daarvan uiterlijk 16 Februari 1952 opgave of betaling te doen ten kantore van

R. de Vries, notaris,  
Dronrijp

**DAMMEN**

**WEDSTRIJDEN BERLIKUM**

De damclub O.K.K. te Berlikum hield een wedstrijd ter gelegenheid van haar 5-jarig bestaan. De prijzen bestonden uit bekens, medailles, lauwerkransen en 'akken. De uitslag was:

Hoofdklasse, 10 deelnemers: 1e prijs F. Vogel te Minnertsga, 2. J. D. Holwerda te Wirdum, 3. A. W. de Haan te Berlikum.

Eerste klasse, 8 deelnemers: 1. Sj. Hoogerhuis te Tzummarum, 2. S. de Boer te Ferwerd, 3. I. Hoogerhuis te Schingen.

Tweede klasse, 13 deelnemers: 1. IJ. ten Kate te Beetgum, 2. T. Valk te St. Annaparochie, 3. D. Bekius te Minnertsga.

Derde klasse, 14 deelnemers: 1. H. de Vries te Ferwerd, 2. G. Elzinga te Minnertsga, 3. S. Norbruis te Berlikum.

De medaille, aangeboden door een damclubhebber, werd toegekend aan IJ. ten Kate te Beetgum, die alle partijen wist te winnen.

L.C. 9-1-1942

Izaäk zelf woont lang in Menaldum, met uitzondering van het jaar 1921 als hij boerenknecht is bij boer P. Holwerda in Wytgaard. In 1924 koopt hij zelfs een woning in Menaldum, samen met zijn broer Sije. De broers zullen daar samen met hun moeder een huishoudinkje hebben gevormd. Tot 1929 zullen de broers daar met hun moeder hebben gewoond.

Mogelijk in dat jaar is Izaäk naar Schingen verhuisd, zijn moeder vertrekt dan uit Menaldum naar Jorwerd. Izaäk blijft in Schingen wonen tot zijn overlijden in januari 1952. Hij wordt ook in Schingen begraven. Op zijn grafsteen wordt het (Friese) damspel afgebeeld, de afbeelding is enig in zijn soort (?).

In de L.C. van 1 december 1990 verscheen een artikel over deze grafsteen. Daarin wordt uiteengezet dat de afgebeelde eindstand van een partij Fries dammen afkomstig is uit de partij die Izaäk speelde tegen Johannes Hokwerda. Hogerhuis wist volgens het artikel met een sterke laatste zet de topspeler Hokwerda te verslaan. De informatie in het artikel was afkomstig van Dirk Heine de Vries uit Drachten, toen secretaris van de Friese Dambond. Het artikel vermeldt ook nog dat deze Dambond het onderhoud van de grafsteen betaalt (!).



De relatie van Izaäk en Sije Hogerhuis met de gebroeders Hogerhuis is



inderdaad vrij nauw. Hun vader Lume Jans Hogerhuis (1848-1897) was een volle neef van de broers Keimpe, Wijbren en Marten Hogerhuis, die in 1896 in de beruchte Hogerhuiszaak werden veroordeeld tot lange gevangenisstraffen.

## **JEUGDAMMERIJ MEI ÚT EIN**

(Liuwe Westra)

Seon 12 novimber wie der in 'frij' toernoai foar alle bern dy't hâlde fan it Fryske damjen yn 'e Gaastmar. Fansels wiene de jonge dammers fan Blauhús, Lollum-Waaksens en De Gaastmar sels fan 'e partij, mar wy mochten ek ien nije dammer wolkom hjitte út Goaiingea, dy't troch it toernoai op Tresoar op 'e smaak brocht wie. Ien skiep oer de daam?

Der waard spile yn fjouwer groepkes: twa groepkes pupillen-jeugd, ien groep pupillen en ien groep begjanners: meiïnoar 20 dammers. Hjirûnder de yndieling en de útslaggen.

Begjanners: Corné van Ebbendorf (Waaksens), Ditmer Oppedijk (Blauhús), Jochem Lootsma (Goaiingea), Marcus Kroon (Blauhús), Dianna de Jong (Lollum), Watze Anne Postma (Waaksens)  
Mar trije oerwinnings foar in wytspylder! Ek fierder lei it ticht by elkoar: foar de boppeste fjouwer plakken moast it SB-systeem deroan te pas komme, mar mei help fan de ûnderskate frijwilligers slagge dat gelokkich sûnder bargebiten.

De útslach: 1e priis Corné (3-16); 2e priis Jochem (3-14); 3e priis Marcus (3-12+); 4e priis Ditmer (3-12); 5e priis Watze Anne; 6e priis Dianna.

Pupillen: Rauke de Hoop (De Gaastmar), Eelco de Wolff (Blauhús), Tessa Homminga (Blauhús), Rinse Zeilstra (De Gaastmar), Willem Kl. Kroon (Blauhús), Harmen Jacob Postma (Waaksens)

En ek hjir moast it SB-systeem en ien kear ûnderling risseltaat deroan te pas komme. De útslach: 1e priis Harmen Jacob (5); 2e priis: Willem; 3e priis: Rauke (2-10); 4e priis: Rinse (2-6+); 5e priis Eelco (2-6); 6e priis: Tessa.

Dan de earste groep pupillen en jeugd trochinoar: Nynke Brouwer (Blauhús), Sietse van Netten (De Gaastmar), Marije Frankena (Blauhús) en Liuwe Meint Postma (Waaksens)

Hjir hie mar ien swartspylde de punt, de rest gong allegear nei wyt! De útslach wie like dúdlik: 1e priis Liuwe Meint (3); twadde priis Sietse (2); tredde priis Marije (1); fjirde priis Nynke (0).

En dan de twadde groep pupillen-jeugd: Marten Algra (Lollum), Herre-Klaas Ykema (De Gaastmar), Feike Wiegersma (De Gaastmar), Gonnies Schilstra (Lollum)

Utslach: 1e priis Herre-Klaas (3); 2e priis Marten (2); 3e priis Feike (1); 4e priis Gonnies (0).

Alle nûmers 1 o/m 4 fan 'e beide groepen pupillen-jeugd hawwe wy ek noch eefkes tsjininoar spylje litten, al wie it allinnich mar om binnen dizze mingde klasse in folchoarder te hawwen foar de prizen. Dy partijen waarden wûn troch Herre-Klaas, Sietse, Feike en Gonnies. Alles mei alles 46 potsjes damd, en net ien kear kamp! Hulde oan alle spilers en frijwilligers, en hjirûnder noch in moaie foto.

=====

Op sneon 10 desimber wie de earste foaromgong foar de kampioenskippen by begjanners, pupillen en jeugd yn Blauhús. Meiinoar dogge der 21 dammers mei oan de kampioenskippen.

Begjanners: Watze Anne Postma, Jochem Lootsma, Willem Kl. Kroon, Corné van Ebbendorf, Marcus Kroon, Jorrit Frankena (Blauhús), Ditmer Oppedijk

Pupillen: Hielke Watze van der Gaast (Waaksens), Marije Frankena, Marten Algra, Willem B. Kroon, Eelco de Wolff, Hidde Rypkema (Blauhús), Wiebren Ykema (De Gaastmar), Liuwe Meint Postma, Harmen Jacob Postma, Nynke Brouwer, Rauke de Hoop.

Jeugd: Johannes Heins (Blauhús), Feike Wiegersma, Gonnies Schilstra, Herre-Klaas Ykema

By de pupillen en de begjanners wiene der dus in ûneven tal spylers, en dat losten wy op troch Mr. X en Mr. Y yn it skema op te nimmen. Soms wiene Mr. X en Mr. Y der net, soms ferskynden se ek ynienen yn it stal fan in oare dammer dy't net hoegde te spyljen, of in omke, of sels ien kear in damjende mem! Mar alle kearen wisten de jonge kampioenskandidaten Mr. X en Mr. Y harren wil op te lizzen, en it puntsje yn 'e wacht te slepen. Sels in stand nûmer krije jo net kedo!

De begjanners en de jeugd hawwe allegear ien kear tsjin har ploechgenoaten spile, en moatte dat noch in kear dwaan by de twadde

foaromgong op sneon 21 jannewaris yn Lollum. De pupillen hawwe fjouwer wedstriden spile, en hawwe grif net genôch oan twa foaromlopen, dus dêr komt noch in ekstra spyldei foar by.

Utslaggen:

Tuskenstân begjanners (ynklusyf punten tsjin Mr. X):

Willem 7 punten; Watze Anne 5; Jochem 4½; Ditmer 4; Marcus 3½; Corné 3; Jorrit 1

Tuskenstân pupillen (ynklusyf punten tsjin Mr. Y):



Liuwe Meint en Nynke 4 punten; Marije, Wiebren, Harmen Jacob en Rauke 3; Hielke, Marten, Willem en Eelco 1; Hidde 0. F.l.n.r. Herre Klaas Ykema, Liuwe Meint Postma, Corné van Ebbendorf en Harmen Jacob Postma

## HARTWERTER DAMKLUP DOCHS DE STERKSTE

(Siebren Dijk, foto's Bauke Bos)

Selden sil it op it klupkampioenskip fan it Dambûn Frysk Spul sa spannend west ha as ôfrûne sneon yn Easterein. De fjouwer ploegen yn e kampioensklasse wiene folslein oaninoar weage. Ek al einige net ien wedstriid yn in lykspul, de oerwinnings wiene allegearre mar in knikker op e kant, mei hyltyd útslaggen fan 5-3, of sels 4,5-3,5. Likegoed wie de einstân wol wer likernôch neffens de ferwachting, want Hartwert besette it earste plak en waard dêrmei klupkampioen.



*Foarsitter Liuwe Westra sprekt de seal ta.*

Dat Hartwert de sterkste damklup fan Fryslân hat, die ek bliken út de prestaasjes fan it twadde tiim. Dat wie dit jier trochkrongen ta de heechste klasse, soks ten koste fan it degradearre Aldegea (SWF), oars altyd net wei te tinken op it heechste nivo. De Hartwerter reserves diene it opfallende goed. Tsjin de sterke bruorren fan har eigen klup gongen se

der ek net foar omlizzen. It like hiel even oft der in grutte sportive sensaasje oan stie te kommen, mar mei 4,5-3,5 wûn Hartwert I dochs noch, ek al wie dat wol mei it lytst mooglike ferskil.

Mei deselde sifers gong Hartwert II ek kopke ûnder tsjin Lollum. De ploech fan damklup "De Rûge Wolf" hat in ûnlykwichtige gearstalling. Mei Foeke Tiemensma en Marten Walinga meie de Lollumers dan wol twa



*Bestjoersleden Fedde Wiersma en Siebren Dijk oan it regelwurk.*





fertsjintwurdigers fan de top fjouwer fan it Frysk damjen efter de heechste buorden hawwe, de legere buorden binne by de Lollumers folle swakker beset. De foar dizze gelegenheid fan stâl helle Jouke Agra koe dat net goedmeitsje, ek al helle dy skaker, dy t al yn gjin fjouwer jier net mear in damhoutsje oanrekke hie, dochts noch twa oerwinnings. Sa fersloech er tsjin Skearnegoutum de sterke Sjoerd Jan Bakker. Likegoed lutsen "De Stadige Strikers" mei 4,5-3,5 wol oan e langste ein, dat de tredde en lêste omloop rûn dochts wer út op in klassike finale tusken Hartwert I en Skearnegoutum.

*Jouke Wijnja spile it Frysk folksliet foar alle dammers*



Dêryn besochte de Skearnegoutumers mei alle macht om harren ferrassende kampioenskip fan ferline jier in ferfolch te jaan. Dat slagge úteinliks net. De striid waard beslist op it earste boerd, dêr t de twa sterkste Fryske dammers foar elkoar oer kamen te sitten. Lange tiid wie de partij tusken Jelle Wiersma en Taeke Kooistra ûndúdlik, mar yn it

einspul luts de Hartwerter Kooistra it inisjatyf nei him ta, en sa koed er syn doarp it kampioenskip besoargje. Yn e twadde klasse wiene de saken ûnderwilens al lang wer rjochtset. Mei romme oerwinnings op Blauhús, De Gaastmar en Skearnegoutum II promovearre Aldegea mei flage en wimpel. Opmerklik wie hjir it damjen fan it jeuchlike talint Herre Klaas Ykema. De Gaastmarder basisskoallearling helle twa kreaze oerwinnings.



*Jelle Wiersma docht de earste set tsjin Germ Bruinsma.*



*In gebealich oan de ein fan it spul ta.*

dammers woene ek wol ris witte wat se yn it Frysk spul wurdich wiene, en dat bleik net in lyts bytsje te wêzen. Oan e ein besetten se yn dizze klasse sels it twadde plak, noch foar Aldegea II en Hartwert III.

De tredde klasse waard wûn troch Jorwert, ek al gong dat net fan in laaien dakje. Sa koene de dammers fan "Oefening Kweekt Kunst" mar skraachoan de kombinaasje Boalsert-Warkum de baas. Dy "Hollânske"

Utslaggen kampioensklasse: Skearnegoutum - Hartwert II 1-0 (5-3), Hartwert I - Lollum 1-0 (4,5-3,5); Lollum - Skearnegoutum 0-1 (3,5-4,5), Hartwert II - Hartwert I 0-1 (3,5-4,5); Hartwert I - Skearnegoutum 1-0 (5-3), Hartwert II - Lollum 0-1 (3,5-4,5).

Einstân, met tussen haakjes het aantal bordpunten): 1. Hartwert I 3 (14); 2. Skearnegoutum 2 (12,5); 3. Lollum 1 (11,5); 4. Hartwert II 0 (10).



*Klaas Wiersma hat it punt hast yn 'e knip.* (14,5); 3. De Gaastmar 1,5 (13,5); Skearnegoutum II 0 (0,5).

Twadde klasse: Aldegea (SWF) - Skearnegoutum II 1-0 (8-0), Blauhús - De Gaastmar 0,5-0,5 (4-4); De Gaastmar - Aldegea 0-1 (2-6), Skearnegoutum II - Blauhús 0-2 (0-8); Blauhús - Aldegea 0-1 (2,5-5,5), Skearnegoutum II - De Gaastmar 0-1 (0,5-7,5).  
Einstân: 1. Aldegea 3 (19,5); 2. Blauhús 1,5

Tredde klasse: Jorwert - Boalsert-Warkum 1-0 (4-3), Aldegea II - Hartwert III 1-0 (5-2); Hartwert III - Jorwert 0-1 (3-4), Boalsert-Warkum - Aldegea II 1-0 (4-3); Aldegea II - Jorwert 0-1 (0,5-6,5), Boalsert-Warkum - Hartwert III 1-0 (4,5-1,5).


Einstân: 1. Jorwert 3 (14,5); 2. Boalsert-Warkum 2 (11,5); 3. Aldegea II 1 (8,5); 4. Hartwert III 0 (6,5).



*Wat in spanning.....*



*en ek ûntspanning.*



*Herbert Tulleken, alhiel út Amsterdam*

*Nocht & Kriich, oar jier wer yn de earste klasse en no it Hokwerda boerd foar de measte boerdpunten.*



*Manfred de Wolff spuit der net yn.*



*Bauke Bos, de fotograaf*



Lolke Huitema fan de Boalsert-Warkum kombinaasje kriget de priis foar it earste plak yn de tredde klasse.



Hartwert, dochs wer kampioen, lokwinske!

## **STRYK TA YN BLAUHÚS**

(Leo Altena)

Freed 27 jannewaris wie de jierlikse Stryk Ta-dammerij yn it Blauhúster kluphús Siesa, en nettsjinsteande de iepen iisbanen rûnom kamen dêr wol 30 dammers op ta. Der waard natuerlik wer damd om dy bekende en ferskriklik lekkere taartsjes fan Bakkerij Popma, beskikber steld troch HANDELSUNDERNIMMING JAPPIE ZEINSTRAS! De Skyfkes hiene wol wat noed hân oer it tal dielnimmers omdat ferskate oare wedstriden op freedtejûn plend wiene en dat de kompetysjejûn yn Blauhús is ... Mar gelokkich foel it ta en de ploech fan De Gaastmar hie sels 3 jeugddammers meinommen!

Der waard flot nei 7 oere starten yn 6 groepen fan 4 spilers en ien mixgroep fan 6 spilers, fakkundich opmakke troch Bernard Kroon, dy't dêrfoar in grut applaus fertsjinne! In spesjaal wolkom wie der fansels foar de jeugd út De Gaastmar, en om dy jongens wat temjitte te kommen waard ûnder it dammen de radio oansetten. Net elkenien wie it mei de kar fan Sky Radio iens mar ja ... Katy Perry en Bruno Mars seit net eltsenien wat!

Yn de eareklasse hie Folkert Groenveld it measte lêst fan konsentraasjeferlies, dat hy moast Cor Kooistra, Tjerk Wijbinga (lytse taart) en fansels Jelle Wiersma (grutte taart) foargean litte. Mar it kin by de persoanlike kampioenskippen sa wer oars wêze ...

De haadklasse A hie twa útsprutsen winners yn Gatze Ykema en Bernard Kroon, mar yn groep 3 makken Liuwe Westra, Fedde Wiersma en Jappie de Jong der in spannende striid fan. De ûnderlinge striid tusken Liuwe en Fedde wie beslissend, mar úteinliks gong, lykas elts jier, Liuwe mei de grutte taart oan de haal. Twadde plakken wiene hjir foar Manfred de Wolff, Willem Hoekstra en dus Fedde Wiersma. De mannen dy't hjir it measte lêst hiene fan óf de muzyk óf it bier óf de geselligheid óf it nije bestean as pake wiene Siebren Dyk en Klaas Wiersma mei 0 punten ...

De measte spanning wie der yn de earste klasse, dêr't hast elkenien fan elkenien wûn. Yn groep ien einigen Epke Bootsma en Beke Haanstra gelyk mei 2 punten, mar Epke hie wol fan Beke wûn en dy pakte dus de earste priis. Yn de twadde groep eindigen sels trije mannen mei 2 punten: Johan Gerard Popma, Sytze de Jong en Marcel

Altena. Mar de waarme bakker seach der fan ôf om syn eigenmakke taart te winnen, dat Sytze en Marcel mochten der doe noch om damme. Gelokkich wie Sytze net op 'e fyts want hij pakte de grutte taart en Marcel dus de lytse.

De mixgroep fan de 2<sup>e</sup> en 3<sup>e</sup> klasse wie der ien fan dúdlike útslagen. Sa wûn Johan Flapper mei oermacht de grutte taart yn de twadde klasse en waard Gerlof Postma twadde. Yn de tredde klasse koe Sietse van Netten gjin punt skoare tsjin syn jeugdmaten, mar hy kriich wol in 'broadsje knak'. Feike Wiegersma wûn fan Sietse mar ferlear fan Herre Klaas Ykema en hie dus de lytse taart te pakken. En sa at Blauhúster Michiel Zeinstra al wit fan Easterein, kin dy Herre Klaas bêst damme: hy pakte de earste priis en dus de grutte taart!

Tusken de twadde en tredde omloop waard noch lotte foar de heale finales foar de Fryslân Kup en **Jappie noadige fêst iderien út foar de finale op freed 7 april yn Siesa**. Dan is der ek wer it frouljuskampioenskip en in toernoai FRYSK foar de leafhawwers.

Elkenien tige betanke foar it kommen en de sportieve en, foaral, gesellige jûn!



Oan it achtste boerd by de klupkampieonskippen: Michiel Zeinstra fan de Blauhúster Skyfkes (op de rêch sjoen) damt tsjin Herre Klaas Ykema fan Stryk Op út De Gaastmar.

## **DE IEN HÂLDT FAN DE MEM EN DE OAR FAN DE DOCHTER EN GUON HÂLDE FAN ALLEBEIDE**

Wy Friezen binne fansels in apart slacht folk en meie ek noch wolris wat opswetse oer fan alles en noch wat. As de Slachtemaraton organisearre wurdt dan is dat yn de eagen fan in soad, yn it bysûnder fan de organisaasje in evenemint dat syn gelikense eins net hat. Sa geweldich en goed regele allegearre. Se ferjitte dan dat der partij minsken oeren yn de file stien ha foar't se Raard yn koenen. En der diene mar 15000 ridders oan mei. Oan de fjouwerdaagse fan Nimwegen diene ferline jier 50.000 mei. En de organisaasje dêr rint as in tierelier. No is it dêr makliker . Se hoege net mei bussen. Dat is wier, mar fierders kin de Slachtemaraton wat "oanklaaiing" oanbelanget net opbokse tsjin de fjouwerdaagse dêr.

In protte Friezen miene dat wy it bêste op ús greidefûgels passe. In jiermannich lyn rûn ik mei de frou yn de maitiid troch Salland, Oerisel. Dêr seach ik in man mei blond hier en blauwe eagen stokken setten by de nêsten. Doe tocht ik: "Dat sil wol in Fries om utens wêze!" Nei't ik in pear wurden mei de man praat hie, waard it fuort dúdlik dat ik te meitsjen hie mei echte autochtoane Sallander. Nee ek op oare plakken dogge se oan nêstbeskerming.

Doe't SC-Hearrefean foar de earste kear foar de bekerfinale nei de Kuip moast yn Rotterdam, rieden der wit ik net hoefolle bussen mei Hearrefean-suppurters nei dy wedstriid. It wie mâl, mar net allinne út Fryslân prestearye klups soks. Doe't PEC in pear jier letter ek dy kant út moast rieden der stiif sa folle bussen. Ik woe mar sizze op oare plakken kinne se ek wol wat.

Guon fan ús dammers ha der wol ris in hantsje fan of better sein in mûltsje fan om ús Fryske spul de sânde himel yn te priizjen en dat mei. Mar men hoecht it Hollânske spul net tagelyk finaal de grûn yn te boarjen. Beide farianten ha har eigen bekoarlikheden. De iene hâldt fan de Fryske fariant en de oar hâldt fan de Hollânske ferzje. En guon binne op beide fereale. It sechje klinkt sa: De ien hâldt fan de mem, de oar fan de dochter en guon hâlde fan beide.

Knilles